

# Understeboppen fan it fûgeltsje Wapper

## Boekresinsje

• Sigrid Kingma

*Wapper* hjit it aksjeboek foar bern, in fleurich ferhaal oer in frjemde fûgel yn in alderaardichste eigen styl fan yllustrearjen. Byldkeunstner Yke Reeder hat op foardracht fan skriuwer Auck Peanstra dy't begjin dit jier ferstoar, in totaalplaatse ôfleverde fan in poëtysk printeboek dat dúdlik mei soarch úttocht is.

*Wapper* is in fûgel út in nêst fan fjouwer dy't as iennichste op de kop en achterút fleant. De oare fûgels fine it mar neat en wolle *Wapper* graach helpe om gewoan rjochtop fleane te learen.

Dêr fine se fan alles foar út, om te begjinnen in soarte katapult. *Wapper* botst fûleindich op in iikhoarn dy't fêst komt te sitten yn it hol. Mar dêr wit *Wapper* wol wat op, want hy fleant hiel goed achterút en mei't er iikhoarn rêdt, helpt er Mús oan in ikeltsje en Mol fan de hik ôf.

### Moanne

De bisten binne bliid mei *Wapper* syn talint, mar de fûgels fine it noch hieltyd neat. Nei in pear mislearre útfiningen sjitte se *Wapper* in hiel ein de loft yn, sa heech dat er tsjin de moanne oanbotst. De moanne is ûnder de yndruk. As *Wapper* op fersyk noch mear keunsten op de kop fertoant binne de fûgels om. Se wolle ek op de kop en achterút fleane. Yn it moaneljocht fleane se allegear hân yn hân op de kop.

De yllustraasjes, boartlik knipt en

plakt út ferfrôle papier, binne liendend foar it ferhaal. Bûten de haadlinen is der in soad te sjen, lykas in aidoaske yn 'e foarm fan in bernewein of it fytske fan iikhoarn, makke fan in lege flesse. De tekst, mei opsteld

troch Sytse Jansma, stipet de yllustraasjes en follet oan. De tekst sels fertoant op guon plakken nonsjalant einrym as it sa útkomt. Losse wurden, útroppen en lûden binne hieltyd útljochte yn ferskillende kleuren dy't

passe by de yllustraasje.

Ut en troch sitte der wurdgrapkes by as 'Dit komt op 'e kop ferkeard!' In moai fisueel grapke is dat it boek ien kear hielendal oer de kop hâlden wurde moat om it te lêzen. As lêzer

binne je dan efkes hielendal it paad bjuster.

It oars wêzen as oaren is in wichtich tema dat op basisskoallen in soad brûkt wurdt. Dit boek lient him goed foar it oansnijen fan sa'n tema.



Dit liket der al wat op.

Mar sjoch ris goed wat *Wapper* docht.

Hy fljocht achterút en op 'e kop!

'Dit giet moai!' ropt *Wapper*.

'Dit giet mâl!' seit Mol.

**Wapper is in fûgel út in nêst fan fjouwer dy't as iennichste op de kop en achterút fleant.** Beeld uit besproken boek

In moai fisueel grapke is dat it boek ien kear hielendal oer de kop hâlden wurde moat om it te lêzen

It kin net oars as dat bern fan dit boek hielendal ûndersteboppe binne.

• Yke Reeder, *Wapper*, útjouwerij Afûk, 12,50 euro. It aksjeboek *Wapper* is de hiele moanne septimber ta gelegenheid fan de manifestasjefestaasje *Walk - Frysk op toernee 2016* foar de aksjepriis fan 4,95 euro te krijen

